

# Wetterskip Fryslân

## FNP-skôging by de kaderbrief 2021-2025

Foarsitter, in koarte skôging by de kaderbrief 2021-2025. Wy binne in goed jier yn dizze gearstalling meiïnoar ûnderweis. It DB wurket neffens it koalysjeprogram "Gewenst Peil". Dêr ha we in pittige diskusje oer hân, mar ek oer de swierrichheden mei it Noardlik Belesting Kantoar en fansels oer de begrutting 2020 mei de foarse belestingferheging en it protest fan de boeren.

Wêr steane we no mids 2020. Lestich te sizzen. De jierrekken 2019 liet in wankel byld sjen *nei sterk wikseljende bestjoersrapportaazjes*. De earste fuortgongsrapportaazje 2020 (krekt behannele) lit in rêstiger byld sjen, mar jout ek oan dat wy op in tal grutte tema's (Feangreide, drûchte, slibferwurking) noch net op skema lizze.

No leit der in kaderbrief mei autonome en exogene ûntwikkelings. Trochrekkenjend komme we oan it ein fan dizze perioade, mei de fêststelde belestingtarieven, dochs wer yn de reade sifers. **Mar wat binne dizze sifers yn Corona-tiid wurdich. It binne net mear as deikoersen –**

De FNP-fraksje is bliid dat it DB by punt 4 oanjout dat it mei it hiele AB om tafel wol om konkrete maatregels fêst te stellen foar de perioade 2022-2026. It DB sil dat tariede moatte en **de FNP is fan betinken dat it DB har dêrby goed realisearje moat dat wy yn in trijedûbele krisis sitte.**

**Ien: it Corona-virus is noch lang net fuort**, dat sil ek syn wjerslach ha op it funksjonearen fan it amtlik apparaat by it WS en ek syn wjerslach op de fuortgong fan de projekten. Wy wolle hjir al útsprekke foarsitter dat wy grutte wurdearring en respekt hawwe foar ús persoanen yn dizze Corona-tiid.

**Twa: De wrâld en dus ek ús lân hat as gefolch fan it Corona-virus te krijen mei in grutte ekonomyske krisis.** Yn hoefier dit konsekwinsjes hat foar de jildstreamen by it WS kinne wy min ynskutte. Mar dat it konsekwinsjes hat witte wy wol. En it is lykas ús premier seit: it is muoilik om mei 50% kennis foar 100% besluten nimme te moatten.

**Trije: De klimaatkrisis. En dat is miskien noch wol de meast bedriigjende fan allegear.** Foarsitter, by it lêzen fan it boek fan Jelmer Mommers oer ús takomst op in hieltyd waarmer wurdende ierde, bin ik dochs wol skrokken. Wy witte it allegear wol – it minskdom waarmet troch har libbenswize de ierde yn ûngelooflik rap tempo op. 1,2 graden yn de lêste 100 jier. En dy opwaarming hâldt sawat gelike tred mei de CO2 útstjit. At wy sa trochgean hat dat oer 20 oant 30 jier grutte gefolgen foar ús arbeidsproductiviteit en produksjeopbringst – ek yn de lânbou.

It is noch net te let seit Mommers. De techniek is der wrâldwiid om de CO2 útstjit werom te bringen en de opwaarming fan de ierde te beheinen ta 1,5 oant 2 graden. Dan moatte wol alle noazen deselfde kant op stean. It is slim ferûntrêstend dat de lytse en grutte Trump's en Bolsenaro's fan dizze wrâld foar eigen gewin op koarte termyn geane. Wy kinne allinne mar út dizze klimaatkrisis komme troch duorsum te yvestearen. **De FNP stiet dan ek fjouwerkant efter de doelstellings om as WS enerzjyneutraal (2025) en klimaatneutraal (2030) te wurden.**

It is goed dat it DB nei mooglikheden sjocht om as WS mear te dwaan yn de enerzjytransysje, boppe op ús eigen doelstellings. Wy fine wol dat de útfieringsplannen dêrfan mei ekstern jild finansierd wurde moat. Dat kin net iensidich troch de belestingbeteller fan it WS opbrocht wurde. De hear Van Weperen joech yn de kommisje oan dat der tal fan subsydzjemooglikheden binne at it giet om Feangreide, KRW, klimaatadaptaasje ensfh. **De kost giet foar de baat: lûk in tûke lobbyist oan om dat jild binnen te heljen.**

De spegel, foarsitter dy't Jo ús yn de kommisje fan 15 juni foarhâlden joech stof ta neitinken. Jo neamden in tal praktyske saken, lykas de gemalen dy't oan ein fan har libbensduur binne, it oeverbehear, de farwegen. Mar ek de ambysje fan de partijen dy't yn dit WS fertsjinwurdige binne en yn relaasje dêrmei de organisaasje. **Fierder besunigje op de organisaasje fine wy net in goed idee.** Earst moat de nije wurkwize better foarm en ynhâld krije en dat wolle wy yn alle rêst de kâns jaan. **In nije lestenferheging op koarte termyn is net rejeel,** sjoen de brutsen beloftes fan de koalysjepartijen by de begrutting 2020.

**Wat it DB wol dwaan kinne soe is plannen/projecten mear yn de tiid sette.** En dat op basis fan risiko's. Om in foarbyld te neamen: it risiko op skea dat ús

boargers en bedriuwen rinne at de gemalen stil komme te stean is folle grutter as it risiko op skea at wy it trajekt dykferswierring Koehoal-Lauwerseach 5 jier opskowe. **Wy daagje it DB út om sa'n risikoyнварisaasje op te setten en oan it AB foar te lizzen. Kinne wy komme ta risiko-stjoerd prioritearjen ?**

Foarsitter, noch in pear losse opmerkingen mar net minder fan belang.

De Feangreide: It plan fan oanpak is al wer opskood. Fan desimber 2020 nei maitiid takom jier. Wy meitsje ús dêr soargen oer. Dat de taskforce ferfongen is troch in Inspiratieteam docht dêr ek gjin goed ta. Let op de earder troch ús beneamde klimaatcrisis roppe wy alle belutsen partijen op om nei it grutte belang te sjen en stappen te setten.

De Slibferwurking: It DB komt fan't hjerst mei nije berekkeningen oer de slibferwurkingsynstallaasje op it Fean. Wy binne dêr hiel benijd nei. Twa wike ferlyn stie in grut artikel yn Binnenlands Bestuur: Waterschappen vele miljoenen het slib in. De risiko's binne grut. Wy freegje it DB om de fisjy fan en de ûntwikkelingen by de Unie yn de nije opset mei te nimmen.

Right to challenge: It past by dizze tiid. De FNP is hjir net op tsjin, mar it moat foar alle partijen wol in win/win sitewaasje opleverje. At boeren sels baggerje/hekkelje wolle soe dat kinne moatte. Dan wol mei yn achtnamme fan de ekologyske wearden dy't dêr by hearre.

Twadde omgong:

**Foarsitter, wy kinne wol ynstimme mei de beslútpunten sa't dy foarlizze. Yn de wittenskip dat de sifers yn dizze Kadernota 'in beperkte hâldberheidsdatum' hawwe. Fan belang is dat it DB yn sa'n ûnwisse situaasje mei reële senario's en goede prioritearjen wurket.**

**FNP is konkludearjend fan betinken dat it DB har goed realisearje moat dat wy yn in trijedûbele krisis sitte. It Corona-virus is noch lang net fuort. Dat sil syn wjerslach hawwe organisatoarysk. En ek finansjeel. Dat is foar de koarte**

**termyn. It tredde punt is foar de lange termyn. De klimaatkrisis. En dat is miskien noch wol de meast bedriigjende fan allegear.**

**Foar de FNP**

**Bram Bonnema**